

## FRISIA



De saneamde Frisiattoets is in digitaal ôf te nimmen toets dy't de taalkennis fan it Frysk op it mêd fan wurdskat en grammatika mjit.

De fragen wurde op in oare wize steld as by in gewoan proefwurk oer in learboek; de fragen binne metoade-ûnôfhinklik. It giet net om hokker stof fan in bepaald haadstik út de holle leard is, mar om wat kennis bliuwend opdien is. De toets befreget de ûnderdielen dy't achte wurde (eksplisyt of ymplisyt) behannele te wêzen yn de les (fan de foargeande jierren). Hoe goed oft de learlingen skoare, hinget dêrom ek ôf fan hoelang't (en goed) sy les hân hawwe (en fansels fan wat sy yn it deistige libben tsjinkomme).

De Frisiattoets kin brûkt wurde as ynstaptoets en as folchynstrumint. De toets jout in yndruk fan wat de learlingen witte fan de Fryske taal. Hoefolle oft dat seit oer hoe goed oft sy it Frysk brûke kinne, is net ien-op-ien te sizzen. It jout wol in yndikaasje fan it nivo en dat kin jo helpe om it programma op de learling(en) ôf te stimmen. Troch de toets troch de jierren hinne in pear kear ôf te nimmen kinne jo ek in yndruk krije fan de fuortgong fan de learling/groep learlingen.

D'r binne treie Frisiattoetsen:

- De **Opstap**-Frisia is foar bern fan groep 4 yn it basisûnderwiis (A1.1)
- De **Foar**-Frisia is foar bern fan groep 5-6 yn it basisûnderwiis en de basisfoarming vmbo-BB/BK (referinsjeramtsnivo A1.1, A1.2 en A1.2+)
- De **Basis**-Frisia is foar learlingen fan groep 7-8 yn it basisûnderwiis, de basisfoarming vmbo-t, havo en vwo en 3-4 vmbo t (referinsjeramtnivo A1, A2, B1 en B1+)

Fertel learlingen dat sy noch langn't alle fragen goed hawwe kinne as sy noch net oan de ein fan in bepaals trajekt sitte. Fanwegen de werhelling fan krekt deselde toets is it o sa wichtich dat de learlingen neitiid **net** de korrekte antwurden te sjen krije, mar inkeld it totaalpersintaazje goede antwurden! De toets dêrom net neibesprekke, dat makket in ferfolchmjitting minder weardefol, omdat it dan net om bliuwend opdiene kennis giet, mar om spesjaal foar in toets oanlearde kennis ("Teaching to the test").

De **Opstap**-Frisiattoets giet nei oft de learlingen mei har basiswurdskat op it A1.1-nivo fan in fan-hûs-út Frysktalige trochsneelearling yn Frysktalige skoalomjouwing sitte oan de ein fan groep 4. De basis fan de alfabetisearing is dan al lein foar Nederlânsk dy't ek brûkt wurde kin foar de alfabetisearing fan it Frysk. Op grûn fan de útslach kin foar de learling in ferfolchtrajekt keazen wurde. De test kin ek as in yntreetest foar groep 5 brûkt wurde. Der bestiet wol in noarmskoare (foar de Frysktalige learling leit dy by 86 prosint goed fan de 22 fragen), mar de ynterpretaasje fan it behelle persintaazje is oan de learkrêft. It kin hiel bot fan de taalachtergrûn fan de learling(en) en it taalgebiet fan de skoalle ôfhingje wat ûnder dy lokale omstannichheden in akseptabel nivo is.

De **Foar**-Frisiattoets mjit de taalkennis fan it Frysk oer wurdskat (û.o. idioom), foarmen en folchoarders. De toets bestiet út fiifentweintich items, elk item hat fjouwer antwurdmooglikheden,

wêrûnder ien goede. Dy fragen geane oer telwurden, persoanlike foarnamwurden, tiidwurden, ferlytsingswurden en sa fierder. It giet om de taal en nét om de stavering.

Dizze toets kin ek troch learlingen út 'e earste klasse fan it fuortset ûnderwiis makke wurde. Learlingen yn groep 8 sille dêrom leger skoare as learlingen yn de earste klasse, omdat dy earsten fansels lang sa fier net wêze kinne as de lêsten: de útslach is in tuskenstân.

De **Basis**-Frisiatoets mjit de taalkennis fan it Frysk oer wurdskat (û.o. idioom), foarmen en folchoarders. De toets bestiet út sechstich items, elk item hat fjouwer antwurdmooglikheden, wêrûnder ien goede. Dy fragen geane oer telwurden, persoanlike foarnamwurden, tiidwurden, ferlytsingswurden, tiidwurdfolchoarders, en sa fierder. It giet om de taal en nét om de stavering.

Dizze toets kin ek troch learlingen út de tredde klasse yn it fuortset ûnderwiis makke wurde. Learlingen yn groep 8 sille dêrom leger skoare as learlingen yn de tredde klasse, omdat dy earsten fansels lang sa fier net wêze kinne as de lêsten: de útslach is in tuskenstân.

De resultaten wurde yn it persintaazje goede antwurden jûn. Dat persintaazje kin neffens ûndersteande tabel yn in nivo fan it referinsjeramt Frysk omset wurde.

Skoarepersintaazje	rrF-nivo
0-25%	< A1
26-45%	A1
46-69%	A2
70-89%	B1.1 (B1)
90-100%	B1.2 (ûnderweis nei B2)

<A1 ûnder it A1-nivo

A1.1 = A1 betsjut dat in learling yn alle gefallen in pear losse dingen fan it Frysk ken, lykas telwurden, groeten, de dagen fan de wike en sa fierder.

A1.2 = ûnderweis nei A2.1

A2.1 = A2 betsjut dat in learling koarte teksten oer maklike ûnderwerpen mei frekwinte wurden út de sprektaal begrypt.

en A2.2 = ûnderweis nei B1.1

B1.1 = B1 betsjut dat in learling langere teksten mei faak foarkommende wurden út de skriuwtaal begrypt.

B1.2 betsjut dat in learling hiel maklik dregere teksten oer skoalleûnderwerpen fan meardere bledsiden begrypt.

B1+ betsjut dat in learling flot lange en dregere teksten oer alderhanne ûnderwerpen begrypt.